Commissaris van de Koning
in de provincie Fryslân

Kabinet

Gemeente Noardeast-Fryslân
Kolleezje fan B&W
Postbus 1
9100 AA DOKKUM

Ljouwert, 28 oktober 2026
Ferstjoerd :

Us kenmerk : KAB 02576626
Ôfdieling : Kabinet kommissaris fan de Kening
Taheakke : Staatscourant 8582 Capaciteitsraming, provinciale opvangopgave en indicatieve verdeling per gemeente 2026

Underwerp : Stân fan saken útfiering *Wet gemeentelijke taak mogelijk maken asielopvangvoorzieningen* yn Fryslân

Achte kolleezje,

As foarsitter fan de Provinciale Regietafel (PRT) Fryslân stjoer ik jo dit berjocht yn oanrin nei it fêststellen en publisearjen fan it provinsjale ferslach en provinsjaal plan oer de asyl opfang yn Fryslân. Mei dit berjocht bied ik jo myn refleksje op 'e útfiering fan de *Wet gemeentelijke taak mogelijk maken asielopvangvoorzieningen,* better bekend as de Spreidingswet, en de stân fan saken dêrfan yn Fryslân.

It is myn byld dat de measte Fryske gemeenten trochkrongen binne fan de needsaak fan it kapasiteitsferlet en de trochstream binnen de asylketen. De gemeenten binne, nei aard en skaal en fanút dielde ferantwurdlikheid, oanhâldend sykjende nei mooglikheden foar ferheging fan 'e opfangkapasiteit. Oan de PRT wurdt hjir, fanút in dield besef fan urginsje, oer sprutsen. Alle achttjin Fryske gemeenten, net ien útsûndere, hawwe nei my oanjûn yn begjinsel ree te wêzen om in bydrage te leverjen oan 'e opfang fan de ferskate groepen flechtelingen en statushâlders. De ynspanningen fan de mienskiplike gemeenten rjochtet him op it kreëarjen fan rêst yn it Fryske asylopfang-lânskip. Yn dat ljocht bin ik posityf stimd oer de lange termynoanpak dêr't in soad gemeenten har oan ferbine. Koartrinnende ôfspraken oer opfangkapasiteit leverje yn in soad gefallen werheljende diskusjes op, mei de maatskiplike ûnrêst dy't dêroan ferbûn is. Dit wylst wy ek konstatearje dat opfanglokaasjes mei in lange rintiid komselden foar problemen soargje.

De aktuele situaasje is dat de asylopfang ûnder tige grutte druk stiet en dat de útstream fan statushâlders ferhastige wurde moat. De Minister van Asiel en Migratie hat d.d. 12 oktober

2026 witte litten dat de besettingsgraad fan it COA mominteel 102% is. As gefolch hjirfan is fersocht om opfanglokaasjes dy't sletten wurde soene safolle mooglik langer iepen te hâlden, statushâlders earder te húsfestjen en ekstra opfangplakken foar asylsikers te realisearjen. Hjirûnder stiet de krekte ekstra opdracht fan de Minister van Asiel en Migratie (d.d. 12-10-2026):

	1 novimber	1 jannewaris	1 april
Grins	150 plakken	150 plakken	150 plakken
Drinte, Flevolân, Fryslân, Oerisel, Seelân	150 plakken	230 plakken	500 plakken
Gelderlân, Limburch, Noard-Brabân, Noard-Hollân, Utert, Súd-Hollân	250 plakken	370 plakken	800 plakken
Totaal (kumulatyf)	2.400 plakken	3.520 plakken	7.450 plakken

Myn wurdearring is grut foar gemeenten dy't, yn guon gefallen al jierrenlang, in belangrike bydrage leverje oan 'e asylopfangkapasiteit yn Fryslân of konkrete plannen dêrta ha. Al binne der op dit stuit ek gemeenten dy't noch gjin opfangplakken foar asylsikers realisearje. Dy gemeenten moatte har goed realisearje dat it útbliuwen fan in bydrage liedt ta tanimmende druk op oare gemeenten. Ut myn wurdkar begripe jo dat ik it as in Fryske opjefte beskôgje, wêrby't ik de ferwachting koesterje dat elke gemeente de tasizzing docht om hjiroan in bydrage te leveren. En mochten der dochs Fryske gemeenten wêze dy't, hoe lyts of hoe grut ek, gjin bydrage leverje wolle, dan kin en sil ik de Minister van Asiel en Migratie net behinderje om yn it ferdielbeslút werom te gripen op 'e ferdieling per gemeente.

As ik sjoch nei de aktuele ynspanningen fan de Fryske gemeenten, dan konstatearje ik alderearst dat der meardere gemeenten binne dy't al jierren opfangplakken foar asylsikers oanbiede.

Sa biedt de gemeente Smellingerlân al jierrenlang plak oan 600 persoanen, 100 dêrfan binne AMV-ers. De gemeente Tytsjerksteradiel fangt ek al jierren 625 minsken op yn in reguliere opfanglokaasje. Dat jildt ek foar de gemeente Waadhoeke dy't 400 minsken opfangt, wêrûnder 35 AMV-ers. De gemeente De Fryske Marren hat dêrneist jierrenlang tusken de 500 en 300 persoanen opfongen. De opfanglokaasje yn Balk soe, konfoarm de oarspronklike ôfspraak mei it COA, mei yngong fan 1 oktober 2026 slute moatte. It COA hat lykwols oanjûn dy lokaasje langer iepen hâlde te wollen. De gemeente hat in plan fan oanpak foar lytsskalige asylopfang fêststeld. De útfiering hjirfan is lykwols foarearst útsteld oant der dúdlikheid is oer de definitive slutingsdatum fan de lokaasje yn Balk.

De gemeente Súdwest-Fryslân sil in nije reguliere opfanglokaasje bouwe foar 450 persoanen. Oant dy tiid bliuwt de besteande lokaasje iepen foar in selde oantal plakken.

De gemeente Harns fersoarget in needopfanglokaasje konfoarm COA-noarmen foar 170 persoanen. De iepenstelling fan dizze lokaasje wurdt ferlinge oant Q1 2029. Mei in COA-trochstreamlokaasje biedt de gemeente Eaststellingwerf ûnderdak oan 195 persoanen.

Ons kenmerk KAB-02570626

De gemeenten It Hearrenfean (150 plakken) en Noardeast-Fryslân (214 plakken) hawwe plannen yn tarieding foar opfanglokaasjes foar de doer fan 10 jaar. It Hearrenfean is ek ree om 50 net fergunninghâldende AMV-ers op te fangen. De gemeente Ljouwert fersoarget dêrneist 451 opfangplakken foar de doer fan 15 jier. Oant de regionale opfanglokaasje iepene wurdt, sille de opfangplakken op de besteande plakken yn 'e stêd ynrjochte bliuwe.

De gemeente Opsterlân biedt ûnderdak oan 20 net fergunninghâldende AMV-ers. Dêrneist hat dy gemeente in bysûndere stap set troch in trochstreamlokaasje foar fergunninghâlders te iepenjen, yn gearwurking mei Smellingerlân, Weststellingwerf en It Hearrenfean. Oer dizze lokaasje is in diskusje geande oft dy binnen de kaders fan 'e Spreidingswet falt.

Foar de Waadgemeenten jildt, dat men al jierren ree is om by te dragen troch lytsskalige opfang. Om't it COA dêrta noch gjin mooglikheden sjocht, is it spitich om konstatearje te moatten dat dizze potinsjele opfangkapasiteit net effektuearre wurdt. Ik bin lykwols bliid mei de wittenskip dat it oanbod fan 'e Waadeilannen bliuwt bestean om nei aard en skaal, bûten it seizoen, opfang te bieden.

Ta beslút binne de gemeenten Weststellingwerf, Dantumadiel en Achtkarspelen frege oft sy ree binne om de rol fan saneamde 'oerrin-opfang-gemeenten' op harren te nimmen. Dat hâldt yn dat sy, as it COA in berop op harren docht, om beurten maksimaal 6 moanne as krisisneedopfang (sliepplakken) fungearje. Hoewol't út de ferkenning fan dy opsje troch de gemeenten solidariteit sprekt, is it yn ferliking mei de gemeenten dy't al jierrenlang bydragen leverje in skrale ynspanning. Yn dat ramt hechtsje ik deroan dat dizze gemeenten de fraachtekens oer harren bydrage weinimme en harren útsprutsen solidariteit krêft bysette.

It is nammentlik in gegeven dat as de Fryske bydrage yn syn totaliteit net robúst of struktureel genôch is, yndividuele gemeenten ferge wurde kinne op in gruttere bydrage. Dêrom ferwachtsje ik dat de oanbelangjende gemeenten it oantal sliepplakken dêr't it om giet beskikber stelle en dêrby yn eagenskou nimme dat de ferdieling per gemeente fanút de Spreidingswet it ienige alternatyf is. Ik gean derfan út dat ek dizze gemeenten sjoen de útsprutsen solidariteitsgedachte harren bydrage oan de Fryske opjefte leverje.

Gearfetsjend wol Fryslân mei-inoar de skouders ûnder de útfiering fan de Spreidingswet sette. Dat fretget bestjoerlik committment fan jo gemeente. Ik begryp dat lokaal de wjerstân tsjin asylopfang grut wêze kin en dat it foar jo as gemeentlik bestjoer as gefolch dêrfan ek lestich wêze kin om besluten te nimmen. Ek begryp ik dat der gemeenten binne dy't fan betinken binne dat ynspanningen op it mêd fan húsfêsting foar statushâlders en de opfang fan Oekraynske flechtlingen net genôch yn eagenskou nommen wurde. Derneist hawwe de Fryske gemeenten de wetlike taakstelling foar húsfêsting fan statushâlders de ôfrûne perioade realisearre en wurdt ynrûn op de efterstannen út it ferline. Dêrop reagearje ik graach mei de wurden dat dizze bydragen absolút sjoen en erkend wurde. Mar dat dizze redenearre fanút de Spreidingswet inkeld yn 'e foarm fan útruiljen in rol spylje kinne.

Foar de provinsje Fryslân binne konkrete ôfspraken oer útruiljen fan opjeften binnen de provinsje foarearst net oan de oarder. Jo hawwe lykwols de mooglikheid ta it meitsjen fan ôfspraken oer ûnderling útruiljen fan de opjeften foar asylfoarsjenningen, húsfêsting fan statushâlders en de opfang fan Oekraynske flechtlingen. Oan de PRT sil dizze opsje ferkend wurde as it ferdielbeslut dêr oanlieding ta jout.

It boppesteande, dat troch it provinsjaal plan ûnderboud wurdt, is it resultaat fan yntegrale bestjoerlike en amtlike ôfstimming. Ut myn ryksferantwurdlikheid wei beskôgje ik it as bemoedigjend dat der yn Fryslân, nettsjinsteande de oanhâldende en tanimmende dynamyk om asylopfang hinne, inisjativen binne en bliuwe dy't bydrage oan de beëage stabiliteit yn it opfanglânskip. Yn in tiid dat de druk op 'e hiele opfangketen fierder tanimme sil, mei troch de feroaringen yn it rezjym oangeande de opfang fan Oekraynske flechtelingen, bliuwt it needsaaklik dat gemeenten mei-inoar oplûke.

As ryksorgaan is it myn opdracht om jo sa nedich oan te sprekken oer de útfiering fan de wet, ek fan de Spreidingswet. Dêrmei is dit skriuwen net amendearber.

Mei heechachting,

drs. A.A.M. Brok

Ons kenmerk KAB 02576626